

**PRESENTATIE
ONDERZOEKSRESULTATEN**

HOKKER TAAL PRATE JO?



Hokker taal prate jo?

2013

Projectgroep

Afke Punter

Lia Kooistra

Annewiep Bloem

Sjoukje Jager

Fokke Jagersma

Auteurs

Annewiep Bloem

Jildou Popma

Hokker taal prate jo?

2013

Projektgroep

Afke Punter

Lia Kooistra

Annewiep Bloem

Sjoukje Jager

Fokke Jagersma

Auteurs

Annewiep Bloem

Jildou Popma

Resultaten

'HOKKER TAAL PRATE JO?'

*Een verkennend onderzoek naar
het gebruik van (streek)taal
in zorgsituaties.*

Inleiding	4
Aanleiding 'Hokker taal prate jo?'	4
Doel	4
Vragen	6
Methode	6
Uitvoering	6
Beschrijving	10
Studenten	10
Spreiding over de provincie	10
Organisaties	10
Zorgvragers	10
Verzorgenden	12
Zorgvragers	16
De taal die de zorgvragers spreken	16
De taal waarin de zorgvragers worden aangesproken	18
Voor- en nadelen van spreken in de eigen moedertaal met de verzorgenden	22
Verzorgenden	28
De taal die de verzorgenden spreken	28
De taal waarin zorgvragers de verzorgenden aanspreken	32
Visie van verzorgenden op moedertaalbeleid	34
Voor- en nadelen van spreken in de moedertaal van de zorgvragers	36
Conclusies	40

Ynlieding	5
Oanlieding 'Hokker taal prate jo?'	5
Doel	5
Fragen	7
Metoade	7
Utfiering	7
Beskriuwing	11
Studinten	11
Sprieding oer de provinsje	11
Organisaasjes	11
Soarchfregers	11
Fersoargjenden	13
Soarchfregers	17
De taal dy't de soarchfregers prate	17
De taal dêr't soarchfregers yn oansprutsen wurde	19
Foar- en neidielen fan praten yn de eigen memmetaal mei de fersoargjenden	23
Fersoargjenden	29
De taal dy't de fersoargjenden prate	29
De taal dêr't soarchfregers de fersoargjenden yn oansprekke	33
Fyzje fan fersoargjenden op memmetaalbelied	35
Foar- en neidielen fan praten yn de memmetaal fan de soarchfregers	37
Konklúzjes	41

AANLEIDING 'HOKKER TAAL PRATE JO?'

De zorg is al jarenlang een belangrijk beleidsterrein wanneer het gaat om het gebruik en het zichtbaar maken van het Fries. De provincie Fryslân heeft verschillende keren beleidsmatig onderzoek laten doen naar de situatie en de zichtbaarheid van het Fries in ziekenhuizen en zorginstellingen.

Regie is in de zorg een actueel thema. De regie ligt bij de zorgvrager. Verzorgenden¹ bespreken met hem/haar wat de zorgvraag is en de zorgvrager bepaalt wat voor hem/haar de best passende oplossing is. Communicatie, en daarmee taal, krijgt dan ook een steeds belangrijker rol in de zorg. Voor de Afûk was dit daarom het moment om actuele informatie over het gebruik van (streek)taal in zorgsituaties te verzamelen.

DOEL

'Hokker taal prate jo?' is een verkenning naar het gebruik van (streek)taal in de zorg en naar de beleving die mensen daar zelf bij hebben. Het doel van de Afûk met deze verkenning is:

- Een beeld krijgen van het gebruik van (streek)taal in de communicatie tussen verzorgenden en zorgvragers.
- Inzicht krijgen in hoeverre zorgvragers tevreden zijn over de taal die zij zelf gebruiken en de taal die verzorgenden in de communicatie gebruiken.
- Studenten van de opleiding Verzorgende IG bewust maken van het belang van het gebruik van (streek)taal in de zorg.

1 Onder 'verzorgenden' verstaan we in deze rapportage eenieder die een functie in de zorg uitoefent.

OANLIEDING ‘HOKKER TAAL PRATE JO?’

De soarch is al jierrenlang in wichtich beliedsmêd as it giet om it brûken en it sichtber meitsjen fan it Frysk. De provinsje Fryslân hat ferskate kearen beliedsmjittich ûndersyk dwaan litten nei de situaasje en de sichtberens fan it Frysk yn sikehuzen en soarchinstellings. Op it heden is de regyfiering yn de soarch in aktueel tema. Soarchfregers¹ krije mear regy en fersoargjenden¹ gean mei dêrom yn petear mei soarchfregers om út te finen wat krekt de soarchfraach is. Kommunikaasje, en dêrmei taal, krijt dan ek in al mar wichtigere rol yn de soarch. Foar de Afûk wie dit dêrom it momint om aktuele ynformaasje oer it brûken fan (streek)taal yn soarchsituasjes te garjen.

DOEL

‘Hokker taal prate jo?’ is in ferkenning nei it brûken fan (streek)taal yn de soarch en de beleving dy’t minsken dêr sels by ha. It doel fan de Afûk mei dizze ferkenning is:

- In byld krije fan it brûken fan (streek)taal yn de kommunikaasje tusken fersoargjenden en soarchfregers.
- Ynsjoch krije yn hoefier’t soarchfregers tefreden binne oer de taal dy’t se sels brûke en de taal dy’t fersoargjenden yn de kommunikaasje brûke.
- Studinten fan de oplieding Fersoargjende IG bewust meitsje fan it belang fan it brûken fan (streek)taal yn de soarch.

1 Under ‘fersoargjenden’ ferstean wy yn dizze rapportaasje elkenien dy’t in funksje yn de soarch útoefenet

VRAGEN

De hoofdvraag in de verkenning is: welke taal spreekt u?
Direct daaraan gerelateerd zijn de volgende vragen:

- waarom spreekt u die taal?
- met wie spreekt u die taal?
- in welke situatie spreekt u die taal?
- welke taal spreken verzorgenden met u?
- wat is het effect van taal op uw welbevinden?

Alle vragen zijn gesteld in de context van een zorgsituatie.

METHODE

Voor de uitvoering van de verkenning is gekozen voor het interview. Op basis van een vragenlijst die de Universiteit Twente heeft gebruikt voor 'Als je plat kunt praten, moet je het niet laten' zijn vragen samengesteld. Grotendeels gaat het om keuzevragen. Er is een aantal open vragen opgenomen om te kunnen ingaan op het gevoel dat mensen hebben bij het spreken van een taal. Belangrijk om te weten is dat mensen rapporteren over zichzelf. De antwoorden zijn niet geverifieerd.

UITVOERING

De interviews zijn gedaan door studenten van de opleiding Verzorgende IG van ROC Friese Poort (vestigingen Leeuwarden, Dokkum en Drachten) en Friesland College (vestigingen Leeuwarden, Wolvega en Heerenveen). Voorwaarde om mee te kunnen doen was dat de studenten stage liepen bij een zorgorganisatie. In enkele gevallen liepen studenten stage bij een kraamzorgorganisatie. Dat verklaart sommige antwoorden in de vragenlijsten.

Voorafgaand aan het houden van de interviews hebben de studenten deelgenomen aan een instructieles. Die les bestond uit: fragmenten uit een aflevering van de serie 'Dat is andere taal' over taal in de zorg, discussie over het onderwerp en uitleg bij de vragenlijst en het houden van het interview. De les was een eerste aanzet om studenten

FRAGEN

De haadfraach yn de ferkenning is: hokker taal prate jo?
Direkt dêroan relatearre binne de folgjende fragen:

- werom prate jo dy taal?
- mei wa prate jo dy taal?
- yn hokker situaasje prate jo dy taal?
- hokker taal prate fersoargjenden mei jo?
- wat is it effekt fan taal op jo wolwêzen?

Alle fragen binne steld yn de kontekst fan in soarchsituaasje.

METOADE


Foar de útfiering fan de ferkenning is keazen foar it ynterview. Op basis fan in fragelist dy't de Universiteit Twente brûkt hat foar 'Als je plat kunt praten, moet je het niet laten' binne fragen opsteld. Foar it grutste part giet it om mearkarfragen. In tal iepen fragen is opnaam om yngean te kinnen op it gefoel dat minsken ha by it praten fan in taal. Wichtich om te witten is dat minsken oer harsels rapportearje. De antwurden binne net ferifiearre.

UTFIERING


De ynterviews binne dien troch studinten fan de oplieding Fersoargjende IG fan ROC Friese Poort (fêstigings Ljouwert, Dokkum en Drachten) en Friesland College (fêstigings Ljouwert, Wolvegea en It Hearrenfean). Betingst om meidwaan te kinnen wie dat de studinten staaasje rûnen by in soarchorganisaasje. Yn guon gefallen rûnen studinten staaasje by in kreamsoarchorganisaasje. Dat ferklearret guon antwurden yn de fragelisten.

Foarôfgeand oan it hâlden fan de ynterviews ha de studinten dielnaam oan in ynstruksjeles. Dy les bestie út: fragminten út in ôflevering fan de seary 'Dat is andere taal' oer taal yn de soarch, diskusje oer it ûnderwerp en útlis by de fragelist en it hâlden fan it ynterview. De les wie in earste oantrún om studinten bewust te meitsjen fan taal.

bewust te maken van taal. Er ontstonden levendige discussies over het gebruik van taal (in welke taal spreek je iemand aan, hoe gebruik je taal in de relatie met de zorgvrager), met prachtige voorbeelden uit de praktijk. 'Moeilijke' woorden uit vooral het Fries vlogen daarbij door het lokaal. Uit de lessen bleek dat het onderwerp taal in de zorg actueel is: studenten hebben er iedere dag mee te maken, lopen er tegenaan en bedenken oplossingen voor situaties waarin taal een probleem is.



Der ûntstiene libbene diskusjes oer it brûken fan taal (yn hokker taal sprekst immen oan, hoe brûkst taal yn relaasje ta de soarchfreger) mei prachtige foarbylden út de praktyk. 'Drege' wurden út benammen it Frysk fleagen dêrby troch it lokaal. Ut de lessen die foaral bliken dat it ûnderwerp taal yn de soarch aktueel is: studinten ha der alle dagen mei te krijen, rinne der tsjinoan en betinke oplossings foar situaasjes dêr't taal in probleem yn is.



BESCHRIJVING

STUDENTEN

Er hebben 350 studenten meegedaan aan 'Hokker taal prate jo?'. Dit waren eerste-, tweede- en derdejaarsstudenten van de opleiding Verzorgende IG, zowel reguliere als volwassen studenten. Allemaal hebben ze de instructieles gevolgd. De opdracht was om met twee zorgvragers en één verzorgende het gesprek aan te gaan. Uiteindelijk hebben 206 studenten de vragenlijsten ingeleverd.

SPREIDING OVER DE PROVINCIE

De studenten hebben de interviews gehouden bij de zorgorganisaties waar ze op dat moment stage liepen. Een groot deel van de provincie inclusief de streektaalgebieden (het Bildt en de Stellingwerven) is gedekt. Opvallend is dat er amper interviews bij organisaties in de zuidwesthoek zijn gedaan. De reden daarvan is dat de opleiding in Sneek niet heeft deelgenomen aan 'Hokker taal prate jo?'.


ORGANISATIES

Er zijn interviews gehouden bij 19 zorgorganisaties in de provincie, verdeeld over 72 verschillende locaties.

ZORGVRAGERS

De studenten hebben in totaal met 395 zorgvragers gesproken. Van hen zijn er 137 (35%) man en 256 (65%) vrouw. De leeftijdsverdeling van de geïnterviewde zorgvragers is als volgt:

20-45:	11 =	3%
45-65:	27 =	7%
65-80:	95 =	25%
80-100:	253 =	65%



BESKRIUWING

STUDENTEN

Der ha 350 studinten meidien oan 'Hokker taal prate jo?'. Dat wiene earste-, twadde- en treddejersstudinten fan de oplieding Fersoargjende IG, reguliere likegoed as folwoeksen studinten. Alle-gearre ha se de ynstruksjeles folge. De opdracht wie om mei twa soarchfregers en ien fersoargjende it petear oan te gean. Uteinlik ha 206 studinten de fragelisten ynlevere.

SPRIEDING OER DE PROVINSJE

De studinten ha de ynterviews holden by de soarchorganisaasje dêr't se op dat stuit staaize rûnen. In grut part fan de provinsje ynklusyf de streektaalgebieten (it Bilt en de Stellingwerwen) is dutsen. Opfallend is dat der amper ynterviews by organisaasjes yn de Súdwesthoeke dien binne. De reden dêrfan is dat de oplieding yn Snits net meidien hat oan 'Hokker taal prate jo?'.


ORGANISAASJES

Der binne ynterviews holden by 19 soarchorganisaasjes yn de provinsje, ferdield oer 72 ûnderskate lokaasjes.

SOARCHFREGERS


De studinten ha mei-inoar mei 395 soarchfregers praat. Fan har binne 137 (35%) man en 256 (65%) frou. De leeftydsferdieling fan de ynterviewde soarchfregers is as folget:

20-45:	11 = 3%
45-65:	27 = 7%
65-80:	95 = 25%
80-100:	253 = 65%



We kunnen de zorgvragers naar de volgende soorten zorg onderverdelen:

verpleegtehuis:	202	=	52%
verzorgingstehuis:	67	=	17%
kleinschalig wonen:	45	=	11%
thuiszorg:	57	=	15%
kraamzorg:	5	=	1%
woon/zorgboerderij:	2	=	1%
dagopvang:	12	=	3%




Van meer dan de helft (58%) van de zorgvragers is de moedertaal Fries. 19% antwoordt dat zijn/haar moedertaal Nederlands is. Het Stadsfries (Liwadders, Harlingers, Dokkumers) als moedertaal is met 35 sprekers (9%) vertegenwoordigd. Zes (2%) van de geïnterviewde zorgvragers hebben het Bildts als moedertaal, voor vijf (1%) van de zorgvragers is dat het Stellingwerfs. Veel mensen geven twee of meer talen op als hun moedertaal. Verder valt de verscheidenheid in moedertaal op: Surinaams, Gronings, Drents, Aasters, Twents, Gaasterlands, Woudfries, Amsterdams, Munnikezijlsters.

VERZORGENDEN


De studenten hebben met 195 verzorgenden gesproken. Het grootste deel van hen is vrouw (184, 94%). Elf van hen zijn man (6%). De leeftijdsverdeling van de geïnterviewde verzorgenden is als volgt:

17-25:	41	=	21%
25-35:	40	=	21%
35-45:	54	=	28%
45-55:	42	=	22%
55-60:	16	=	8%



Wy kinne de soarchfregers nei de folgjende soarten soarch ûnderferdiele:

ferpleechtehûs:	202 = 52%
fersoargingstehûs:	67 = 17%
lytsskalich wenjen:	45 = 11%
thússoarch:	57 = 15%
thússoarch:	5 = 1%
wen/soarchbuorkerij:	2 = 1%
dei-opfang:	12 = 3%




Fan mear as de helte (58%) fan de soarchfregers is de memmetaal Frysk. 19% antwurdet dat syn/har memmetaal Nederlânsk is. It Stedsfrysk (Liwwadders, Harnzers, Dokkumers) as memmetaal is mei 35 sprekkers (9%) fertsjintwurdige. Seis (2%) fan de ynterviewde soarchfregers ha it Biltsk as memmetaal, foar fiif (1%) fan de soarchfregers is dat it Stellingwerfsk. In soad minsken jouwe twa of mear talen op as har memmetaal. Fierder falt it ferskaat yn memmetaal op: Surinaamsk, Grinzersk, Drintsk, Aastersk, Twintsk, Gaasterlânsk, Wâldfrysk, Amsterdamsk, Muntsjesylstersk.

FERSOARGJENDEN

De studinten ha mei 195 fersoargjenden praat. It grutste part fan har is frou (184, 94%). Alve fan har binne man (6%). De leeftydsferdieling fan de ynterviewde fersoargjenden is as folget:

17-25:	41 = 21%
25-35:	40 = 21%
35-45:	54 = 28%
45-55:	42 = 22%
55-60:	16 = 8%



Meer dan de helft van de verzorgenden waarmee studenten mee hebben gesproken, hebben als beroep verzorgende. De andere geïnterviewden oefenen verschillende functies uit, bijvoorbeeld woonbegeleider, zorgcoördinator, muziektherapeut, (wijk)verpleegkundige, voedingsassistente, maatschappelijk werkster, helpende en kraamverzorgster. Ook hebben de studenten college-stagaires ondervraagd.

Van de geïnterviewde verzorgenden geeft meer dan de helft (110, 56,4%) aan dat zijn/haar moedertaal Fries is. Voor 21% (41) van hen is de moedertaal Nederlands. Vijf (2,6%) van de geïnterviewde verzorgenden hebben het Bildts als moedertaal, voor vier (2,1%) van de verzorgenden is dat het Stadsfries. Twaalf (6,2%) verzorgenden antwoorden dat ze tweetalig zijn grootgebracht. Andere moedertalen zijn Gronings, Frans, Pools, Spaans, Westfries, Bulgaars, Drents, Papiamento, Amelands en Surinaams.

Mear as de helte fan de fersoargjenden dêr't studinten mei praat ha, hat as berop fersoargjende. De oare ynterviewden oefenje in ferskaat oan funksjes út, bygelyks wenbegelieder, soarchkoördinator, muzykterapeut, (wyk)ferpleechkundige, fiedingsassistinte, maatskiplik wurkster, helpende en kreamfersoarchster. Ek ha de studinten kollega-stazjêres ûnderfrege.

Fan de ynterviewde fersoargjenden jout mear as de helte (110, 56,4%) oan dat syn/har memmetaal Frysk is. Foar 21% (41) fan har is de memmetaal Nederlânsk. Fiif (2,6%) fan de ynterviewde fersoargjenden ha it Biltsk as memmetaal, foar fjouwer (2,1%) fan de fersoargjenden is dat it Stedsfrysk. Tolve (6,2%) fersoargjenden antwurdzje dat se twatalich grutbrocht binne. Oare memmetalen binne Grinzersk, Frânsk, Poalsk, Spaansk, Westfrysk, Bulgaarsk, Drintsk, Papiamento, Amelânsk en Surinaamsk.

DE TAAL DIE DE ZORGVRAGERS SPREKEN

94% van de zorgvragers zegt dat zij in het dagelijks leven hun moedertaal spreken. 73% zegt dat altijd te doen, 21% doet dat regelmatig. 91% van de ondervraagde zorgvragers spreekt altijd (55%) of regelmatig (36%) de moedertaal in het contact met de verzorgenden. 5% spreekt zelden de moedertaal met de verzorgenden, 4% doet dat nooit. Wie zelden of nooit de moedertaal spreekt, spreekt Nederlands. Als reden wordt genoemd dat de verzorgenden de moedertaal niet kennen of omdat het daar de gewoonte is om Nederlands te spreken.

'Meneer krijgt twinkeltjes in zijn ogen, hij leeft helemaal op'

Het merendeel van de zorgvragers vindt het ook prettig om de eigen taal te kunnen spreken: 92%. Daarnaast spelen gevoelsmatige argumenten een rol, het feit dat de verzorgende dan beter begrijpt wat de zorgvrager bedoelt en redenen die met identiteit te maken hebben.

ZORGVRAGERS VINDEN HET PRETTIG OM HUN MOEDERTAAL TE SPREKEN

Het spreken in hun moedertaal is vanzelfsprekend, hij/zij kan zich het beste uiten in de moedertaal, gevoel van veiligheid, vertrouwdheid, saamhorigheid, zich prettig voelen, zich thuis voelen, ik spreek het uit principe, mijn moedertaal hóórt bij mij, ik ben er trots op.

'Dit is mijn taal, ik weet niet beter'

Enkele zorgvragers (3%) vinden het niet prettig; zij passen zich liever aan aan de verzorgende. De overgebleven 5% maakt het niet zoveel uit.

'Zijn er ook zorgsituaties waarin u liever wel of juist liever niet in uw moedertaal spreekt', vroegen de studenten aan de zorgvragers.

DE TAAL DY'T DE SOARCHFREGERS PRATE

94% fan de soarchfregers jout oan dat se yn it deistich libben har memmetaal prate. 73% seit dat se dat altiten dogge, 21% docht dat geregeldwei. 91% fan de ûnderfrege soarchfregers praat altiten (55%) of geregeldwei (36%) de memmetaal yn it kontakt mei de fersoargjenden. 5% praat komselden de memmetaal mei de fersoargjenden, 4% docht dat nea. Wa't komselden of nea de memmetaal praat, praat Nederlânsk. As reden wurdt naam dat de fersoargjenden de memmetaal net kenne of om't it dêr wenst is om Nederlânsk te praten.

'De eagen begjinne menear te skitterjen, hy libbet hielendal op'

Meastepart fan de soarchfregers fynt it ek noflik om de eigen taal prate te kinnen: 92%. Dêrneist spylje gefoelsmjittige argumenten in rol, it feit dat de fersoargjende dan better begrypt wat de soarchfregger bedoelt en redenen dy't mei identiteit te krijen ha.

SOARCHFREGERS FINE IT NOFLIK OM HAR MEMMETAAL TE PRATEN

It praten yn de memmetaal is fanselsprekkend, hy/sy kin him/har it bêste uterje yn de memmetaal, gefoel fan feiligens, betroudens, ienichheid, jinsels noflik fiele, ik praat it út prinsipe, myn memmetaal héart by my, ik bin der grutsk op.

'Dit is myn taal, ik wit net oars'

Inkelde soarchfregers (3%) fine it net noflik; se passe harsels leaver oan oan de fersoargjende. De oerbleaune 5% makket it net sa'n soad út.

'Binne der ek soarchsituaasjes wêryn't jo leaver al of krekt leaver net yn jo memmetaal prate', fregen de studinten oan de soarchfregers.

Bijna de helft (48%) zei dat ze in zorgsituaties het liefst altijd in de moedertaal spreken. De andere helft wil liever de moedertaal spreken in situaties waarin emoties een rol spelen. Ook in medische gesprekken is er een voorkeur voor de moedertaal. Het gaat hierbij altijd om zorgvragers die een andere moedertaal hebben dan het Nederlands.

Er zijn ook zorgsituaties waarin zorgvragers met een andere moedertaal liever het Nederlands als voertaal gebruiken, al geeft slechts een klein deel van de zorgvragers (4%) dit aan. De situaties waarin deze zorgvragers liever in het Nederlands spreken, zijn eigenlijk gelijk aan de hierboven genoemde situaties waarin de voorkeur uitgaat naar de moedertaal: in contact met artsen en bij emoties.

LIEVER WEL DE MOEDERTAAL

Bij verdriet, boosheid, bij problemen, als ze niet lekker in hun vel zitten, als ze ergens mee zitten, als de dokter komt.

LIEVER NIET DE MOEDERTAAL

In gesprekken met andere professionals in de zorg, gesprek met de dokter, in het ziekenhuis, bij zorginstanties, wanneer ik boos ben, als er vreemden bij zijn.

'Als ik iets wil, maar het niet in het Nederlands kan zeggen'

DE TAAL WAARIN DE ZORGVRAGERS WORDEN AANGESPROKEN

Zorgvragers noemen het Fries en het Nederlands als de meest voorkomende talen die de verzorgenden in hun woonomgeving spreken. In mindere mate worden de stadsdialecten genoemd, het Gronings, het Westerkwartiers, het Bildts, het Stellingwerfs, het Westereenders en een enkele keer een andere Europese taal. Vaak spreken de verzorgenden meerdere talen en dialecten.

Hast de helte (48%) seit dat se yn soarchsituaasjes it leafste altiten yn de memmetaal prate. De oare helte wol leaver de memmetaal prate yn situaasjes dêr't emoasjes in rol yn spylje. Ek yn medyske petearen is in foarkar foar de memmetaal. It giet dêrby altiten om soarchfregers dy't in oare memmetaal ha as it Nederlânsk.

Der binne ek soarchsituaasjes dêr't soarchfregers mei in oare memmetaal leaver it Nederlânsk as fiertaal brûke, al jout mar in lyts part fan de soarchfregers (4%) soks oan. De situaasjes dêr't dy soarchfregers leaver it Nederlânsk yn prate, binne eins gelyk oan de hjirboppe neamde situaasjes wêryn't de foarkar útgiet nei de memmetaal: yn kontakt mei dokters en by emoasjes.

LEAVER AL DE MEMMETAAL

By fertriet, lilkens, by problemen, as har wat dwers sit, as se earne mei oantangele sitte, as de dokter komt.

LEAVER NET DE MEMMETAAL

Yn petearen mei oare profesjonals yn de soarch, petear mei de dokter, yn it sikehûs, by soarchynstânsjes, as ik lilck bin, as der frjemdfolk by is.

'As ik wat wol, mar it net yn it Nederlânsk sizze kin'

DE TAAL DÊR'T SOARCHFREGERS YN OANSPRUTSEN WURDE

Soarchfregers neame it Frysk en it Nederlânsk as de meast foarkommende talen dy't de fersoargjenden yn har wenomjouwing prate. Yn mindere mjitte wurde de stedsdialekten neamd, it Grinzersk, it Westerkertiersk, it Biltsk, it Stellingwerfsk, it Westereensk en in inkelde kear in oare Europeeske taal. Gauris prate de fersoargjenden meardere talen en dialekten.

Op de vraag of de zorgvragers in hun eigen taal worden aangesproken door de verzorgenden, zegt 41% dat dit altijd het geval is, en 46% regelmatig. 9% van de verzorgenden wordt zelden aangesproken in de eigen moedertaal. 4% wordt nooit in de eigen moedertaal aangesproken door de verzorgenden.

'Als ik in een andere taal praat, is dat vaak met gebreken'

De keuze voor de moedertaal of een andere taal gaat volgens de ondervraagde zorgvragers meestal vanzelf: 70% geeft dit als antwoord op de vraag wie de taal bepaalt. In 24% van de gevallen is de zorgvrager de bepaler van de taal, in 5% is het in de ogen van de zorgvrager de zorgverlener die de taal bepaalt.

'Het Fries zit in mijn bloed'

85% vindt het prettig dat de verzorgende hem/haar aanspreekt in de moedertaal. De redenen zijn in drie categorieën onder te brengen.

- gevoelsredenen
- communicatieve redenen
- Identiteit

85% VINDT HET PRETTIG OM AANGESPROKEN TE WORDEN IN ZIJN/HAAR MOEDERTAAL

Het is fijn, het voelt prettig, goed, vertrouwd, verbondenheid, gezellig, op mijn gemak, gewend, zij begrijpen mij dan beter, beter uitleggen, beter de woorden vinden, vlottere communicatie, duidelijkheid, helderheid, mijn gedachten zijn Fries, ik ben ermee opgegroeid, het is mijn taal, het Fries zit in mijn bloed.

11% maakt het niet zoveel uit. 4% vindt het niet prettig.

Op de fraach oft de soarchfregers yn har eigen taal oansprutsen wurde troch de fersoargjenden, seit 41% dat dat altiten it gefal is, en 46% geregeldwei. 9% fan de soarchfregers wurdt komselden oansprutsen yn de eigen memmetaal. 4% wurdt nea yn de eigen memmetaal oansprutsen troch de fersoargjenden..

'As ik yn in oare taal praat, is dat gauris mei gebrekken'

De kar foar de memmetaal of in oare taal giet neffens de ûnderfrege soarchfregers meastal fansels: 70% jout dat as antwurd op de fraach wa't de taal bepaalt. Yn 24% fan de gefallen is de soarchfregger de bepaler fan de taal, yn 5% is it yn de eagen fan de soarchfregger de soarchferliener dy't de taal bepaalt.

'It Frysk sit my yn it bloed'

85% fynt it noflik dat de fersoargjende him/har oansprekt yn syn/har memmetaal. De redenen binne yn trije kategoryen ûnder te bringen.

- gefoelsredenen
- kommunikative redenen
- Identiteit

85% FYNT IT NOFLIK OM OANSPRUTSEN TE WURDEN YN SYN/HAR MEMMETAAL

It is noflik, it fielt goed, fertroud, ferbûnens, smûk, op myn gemak, bewend, sy begripe my dan better, better útlizze, better de wurden fine, flottere kommunikaasje, dúdlikens, helderens, myn tinzen binne Frysk, ik bin dermei opgroeid, it is myn taal, it Frysk sit my yn it bloed.

11% makket it net sa'n soad út. 4% fynt it net noflik.

4% VINDT HET NIET PRETTIG

Het is niet zo professioneel om als verzorgende een andere taal dan het Nederlands te spreken in een zorgsituatie, ik ben inmiddels zo aan het Nederlands gewend, ik spreek nu liever Nederlands dan mijn moedertaal, ik vind het prettig om me aan te passen aan de verzorgende.

We vroegen de zorgvragers of ze tevreden waren over de mate waarin de verzorgenden de moedertaal van de zorgvragers gebruiken. 62% geeft een bevestigend antwoord, 36% maakt het niet uit en 2% is niet tevreden. Van de 390 zorgvragers die antwoord op deze vraag hebben gegeven, heeft 14% (56 zorgvragers) een reden opgegeven die bij de vraag past. Het overgrote deel geeft geen reden waarom ze tevreden zijn over waar ze wonen ('ik woon fijn hier'). Deze antwoorden zijn niet meegenomen in de analyse.

*'Ook al is mijn taal niet de taal van hier,
ze houden er goed rekening mee'*

Vijf personen zijn niet tevreden, omdat ze vinden dat de verzorgenden hun moedertaal niet spreken. 51 zorgvragers geven als reden voor de tevredenheid over de mate waarin hun eigen moedertaal gesproken wordt door de verzorgenden: de verzorgenden doen erg hun best om mijn moedertaal te praten, zodra ze merken dat ik een andere taal spreek schakelen ze over, ze houden er goed rekening mee, de verzorgenden spreken automatisch met de taal mee die ik spreek.

VOOR- EN NADELEN VAN SPREKEN IN DE EIGEN MOEDERTAAL MET DE VERZORGENDEN

Heeft het spreken in de moedertaal met de verzorgenden voordelen of nadelen? Op deze vraag zegt 62% dat het voordelen heeft, 5% vindt dat er nadelen aan kleven, 37% vindt niet dat er geen voordelen zijn. 33% staat hier neutraal in, zij hebben aangekruist dat er geen voordelen zijn, maar ook geen nadelen.

4% FYNT IT NET NOFLIK

It is net sa profesjoneel om as fersoargjende in oare taal as it Nederlânsk te praten yn in soarchsituaasje, ik bin yntusken sa oan it Nederlânsk wend, ik praat no ienkear leaver Nederlânsk as myn memmetaal, ik fyn it noflik om my oan te passen oan de fersoargjende.

Wy fregen de soarchfregers oft se tefreden wiene oer de mjitte wêryn't de fersoargjenden de memmetaal fan de soarchfregers brûke. 62% jout in befêstigjend antwurd. 36% makket it net út en 2% is net tefreden. Fan de 390 soarchfregers dy't antwurd op dizze fraach jûn ha, hat 14% (56 soarchfregers) in reden opjûn dy't by de fraach past. It oergrutte part jout gjin reden wêrom't se tefreden binne oer wêr't se wenje ('ik wenje hjir nei 't sin'). Dy antwurden binne net meinaam yn de analyze.

*'Ek al is myn taal net de taal fan hjir,
se tinke der goed om'*

Fif persoanen binne net tefreden, om't se fine dat de fersoargjenden har memmetaal net prate. 51 soarchfregers jouwe as reden foar de tefredenheid oer de mjitte wêryn't har eigen memmetaal praat wurdt troch de fersoargjenden: de fersoargjenden dogge tige har bêst om myn memmetaal te praten, sadree't se fernimme dat ik in oare taal praat skeakelje se oer, se hâlde der goed rekken mei, de fersoargjenden prate automatysk mei mei de taal dy't ik praat.

FOAR- EN NEIDIENEN FAN PRATEN YN DE EIGEN MEMMETAAL MEI DE FERSOARGJENDEN

Hat it praten yn de memmetaal mei de fersoargjenden foardielen of neidielen? Op dy fraach seit 62% dat it foardielen hat, 5% fynt dat der neidielen mank mei gean. 37% fynt net dat der gjin foardielen binne. 33% stiet der neutraal yn. Sy ha oankrúst dat der gjin foardielen binne, mar ek gjin neidielen.

'Ik hoef niet zo na te denken over hoe ik het wil zeggen'

Zorgvragers noemen als voordelen dat het een beter gevoel geeft (ik vind het fijner, het is huiselijk, de warmte van vroeger, prettig, mezelf zijn, vertrouwensband) en dat het de communicatie bevordert (duidelijker, beter verstaan, beter uitdrukken, begrijpelijker, gesprek verloopt vlotter, beter emoties uiten).

'De jongere generatie kent niet alle woorden in mijn moedertaal'

Als nadeel wordt gezien dat het spreken in de moedertaal de grens tussen zorgvrager en zorgverlener doet vervagen; het is een nadeel als de verzorgende de moedertaal van de zorgvrager niet goed genoeg spreekt.

'Ik schaam me niet voor mijn moedertaal'

Hoe gaat het in het allereerste contact tussen zorgvrager en zorgverlener? Spreekt de zorgvrager dan zijn/haar moedertaal? Ja, zegt 73%. Nee, zegt 25%. En 2% zegt dat dit per keer verschilt. Waarom zorgvragers in het allereerste contact hun moedertaal spreken, heeft veelal te maken met identiteit, met gewoonte of met verstaanbaarheid.

REDENEN OM WEL METEEN IN DE MOEDERTAAL TE BEGINNEN

Zo ben ik, zo word ik wakker, dan zien ze wie ik ben, dat zit in me, we zijn in Friesland, ik spreek geen andere taal, iedereen hier spreekt het, in andere talen ben ik niet zo goed, ik ben het gewend, het gaat automatisch, het gaat vanzelf.

'Als ze me niet verstaan, moeten ze het maar zeggen'

Vaak wordt er nog wel aan toegevoegd dat er altijd nog omgeschakeld kan worden als blijkt dat de verzorgende de moedertaal van de zorgvrager niet (voldoende) spreekt.

'Ik hoech net sa bot nei te tinken oer hoe't ik it sizze wol'

Soarchfregers neame as foardielen dat it in better gefoel jout (ik fyn it noflik, it is húslík, de waarmte fan eartiids, mysels wêze, fertrouwensbân) en dat it de kommunikaasje befoarderet (dúdlíker, better ferstean, better útdrukke, begryplíker, petear ferrint flotter, better emoasjes uterje)..

'De jongere generaasje kent net alle wurden yn myn memmetaal'

As neidielen wurde sjoen dat troch it praten yn de memmetaal de grins tusken soarchfregger en soarchferliener diziger wurdt, it is in neidiel as de fersoargjende de memmetaal fan de soarchfregger net goed genôch praat.

'Ik skamje my net foar myn memmetaal'

Hoe giet it yn it alderearste kontakt tusken soarchfregger en soarchferliener? Praat de soarchfregger dan syn/har memmetaal? Ja, seit 73%. Nee, seit 25%. En 2% seit dat dat alle kearen oars is. Wêrom't soarchfregers yn it alderearste kontakt har memmetaal prate, hat gauris te krijen mei identiteit, mei wenst of mei fersteanberens.

REDENEN OM WOL FUORTDAALK YN DE MEMMETAAL TE BEGJINNEN

Sa bin ik, sa wurd ik wekker, dan sjogge se wa't ik bin, dat sit yn my, wy binne yn Fryslân, ik praat gjin oare taal, elkenien hjir praat it, yn oare talen bin ik net sa goed, ik bin it wend, it giet automatysk, it giet fansels.

'As se my net ferstean, moatte se it mar sizze'

Faak wurdt der noch wol oan taheakke dat der altiten noch omskeakele wurde kin as bliken docht dat de fersoargjende de memmetaal fan de soarchfregger net (genôch) praat.

Redenen om bij het allereerste contact juist niet in de eigen moedertaal te beginnen, zijn vaak ingegeven door een gevoel van beleefdheid, een neutrale houding over de moedertaal of het ontbreken van de taalvaardigheden in de moedertaal bij de verzorgenden. De redenen die samenhangen met het gevoel van beleefdheid, worden het meest genoemd.

REDENEN OM NIET METEEN IN DE MOEDERTAAL TE BEGINNEN

Ik wacht eerst af wat de verzorgende spreekt, ik probeer er eerst achter te komen of ze mijn taal wel verstaat, het hoort niet, ze spreken hier mijn moedertaal toch niet, het maakt mij niet uit, ik hoef niet beslist in mijn moedertaal te praten.

*'Pas als ik merk dat ze mijn moedertaal wel verstaan,
schakel ik over'*

Roept het spreken van de eigen moedertaal gevoelens op? Iets meer dan de helft zegt van wel (52%) en iets minder dan de helft (48%) zegt van niet.

'Ouwejongenskrentenbrood'

Omdat er in de vraag een paar voorbeelden genoemd worden, komen die het vaakst voor: thuis voelen, ontspannen, eigen, vertrouwd, gewoon. Maar ook noemen de zorgvragers gevoelens als saamhorigheid, vertrouwen, huiselijkheid, openen, familiegevoel, herinneringen komen boven, gemak, veiligheid, warmte, humor, sociale cohesie.

Redenen om yn it alderearste kontakt krekt nét yn de memmetaal te begjinnen, binne faak ynjûn troch in gefoel fan beleefdheid, in neutrale hâlding oer de memmetaal of it ûntbrekken fan de taalfeardichheden yn de memmetaal by de fersoargjenden. De redenen dy't gearhingje mei it gefoel fan beleefdheid wurde it measte neamd.

REDENEN OM NET FUORTDAALK YN DE MEMMETAAL TE BEGJINNEN

Ik wachtsje earst ôf wat de fersoargjende praat, ik besykje om earst út te finen oft se myn taal wol ferstean, it heart net, se prate hjir myn memmetaal dochs net, it makket my net út, ik hoech net perfoarst yn myn memmetaal te praten..

*'Pas as ik fernim dat se myn memmetaal wol ferstean,
skeakelje ik oer'*

Ropt it praten fan de eigen memmetaal gefoelens op? Wat mear as de helte seit fan wol (52%) en wat minder as de helte (48%) seit fan net.

'Lekker smout prate'

Om't der yn de fraach in pear foarbylden neamd wurde, komme dy it meast foar: thús fiele, ûntspannen, eigen, fertroud, gewoan. Mar ek neame de soarchfregers gefoelens as ienichheid, fertrouwen, húslikens, iepen, famyljegefoel, oantinkens komme boppe, gemak, feiligens, waarmte, humor, sosjale kohesje.

DE TAAL DIE DE VERZORGENDEN SPREKEN

Naast de vraag wat hun moedertaal is, hebben de studenten aan de verzorgenden gevraagd welke taal ze spreken in het dagelijks leven. De verzorgenden spreken vaak Fries in hun dagelijks leven: 41% van de ondervraagden. 23% van hen heeft aangegeven voornamelijk Nederlands te spreken 19% Fries en Nederlands. En dan is er nog een hele lijst met andere talen, die gesproken worden naast het Fries en/of het Nederlands: Stadsfries, Stellingwerfs, Bildts, West-Fries, Limburgs, Harlingers, Amelands en Pools.

Kiezen verzorgenden in het contact met de zorgvragers voor de moedertaal van de zorgvragers? De meerderheid van de verzorgenden bedient zich inderdaad van de moedertaal van de zorgvrager, zo blijkt. 90% spreekt de zorgvrager aan in zijn/haar moedertaal. Iets meer dan de helft van de verzorgenden die de moedertaal van de zorgvragers spreekt, voegt er aan toe: voor zover ik die taal ken. 10% spreekt de zorgvrager nooit aan in zijn/haar moedertaal. De voornaamste reden hiervoor is dat de verzorgende de moedertaal van de zorgvrager niet beheerst.

'Dezelfde taal praat makkelijker'

Het wel of niet spreken in een bepaalde taal heeft natuurlijk te maken met de beheersing van die taal. Maar ook het belang speelt mee. Hoe belangrijk vinden verzorgenden het om zelf de moedertaal van de zorgvragers te spreken? 89% van de verzorgenden vindt het belangrijk om de zorgvrager in zijn/haar eigen moedertaal aan te spreken. De redenen die de verzorgenden daarvoor hebben aangegeven, zijn uiteenlopend, maar hebben allemaal te maken met het optimaliseren van het zorgcontact en bij het omgaan met bijvoorbeeld sterfensbegeleiding.

DE TAAL DY'T DE FERSOARGJENDEN PRATE

Neist de fraach wat har memmetaal is, ha de studinten oan de fersoargjenden frege hokker taal oft se prate yn it deistich libben. De fersoargjenden prate faak Frysk yn har deistich libben: 41% fan de ûnderfregen. 23% fan har hat oanjûn dat se benammen Nederlânsk prate, 19% Frysk en Nederlânsk. En dan is der noch in hiele list mei oare talen dy't praat wurde neist it Frysk en/of it Nederlânsk: Stedsfrysk, Stellingswerfisk, Biltsk, Westfrysk, Limburchsk, Harnzersk, Amelânsk en Poalsk.

Kieze fersoargjenden yn it kontakt mei de soarchfregers foar de memmetaal fan de soarchfregers? De mearderheid fan de fersoargjenden betsjinnet him yndie fan de memmetaal fan de soarchfregger, sa docht bliken. 90% sprekt de soarchfregger oan yn syn/har memmetaal. Wat mear as de helte fan de fersoargjenden dy't oanjout de memmetaal fan de soarchfregger te brûken, heakket dêroan ta: foar safier't ik dy taal ken. 10% sprekt de soarchfregger nea oan yn syn/har memmetaal. De foarnaamste reden dêrfoar is dat de fersoargjende de memmetaal fan de soarchfregger net behearsket.

'Deselde taal praat makliker'

It wol of net praten yn in beskate taal hat fansels te krijen mei de behearsking fan dy taal. Mar ek it belang spilet mei. Hoe wichtich fine fersoargjenden it om sels de memmetaal fan de soarchfregers te praten? 89% fan de fersoargjenden fynt it wichtich om de soarchfregger yn syn/har eigen taal oan te sprekken. De redenen dy't de fersoargjenden dêrfoar oanjouwe, rinne útinoar, mar ha allegearre te krijen mei it optimalisearjen fan it soarchkontakt en it omgean mei bygelyks begelieding by it ferstjerren.

WAAROM VINDT DE VERZORGENDE HET BELANGRIJK DE MOEDERTAAL VAN DE ZORGVRAGER TE SPREKEN?

De zorgvrager voelt zich in de eigen moedertaal beter op zijn gemak, voelt zich dan thuis, het is voor de zorgvrager prettiger en gemakkelijker, het is vertrouwd voor de zorgvrager, de zorgvrager kan beter zeggen wat hij/zij bedoelt, de moedertaal stelt zorgvragers gerust, er is sneller en beter contact tussen verzorgende en zorgvrager, ze begrijpen elkaar beter, de verzorgende krijgt dingen sneller gedaan, de zorgvrager reageert beter, kan zichzelf zijn, de moedertaal als taal werkt afstandverkleinend, schept een vertrouwensband en het getuigt van respect voor de zorgvrager, wanneer zorgvragers problemen hebben, zich verdrietig of boos voelen, bij ingrijpende gebeurtenissen, wanneer de zorgvrager op sterven ligt, bij slechthorende zorgvragers.

De verzorgenden wijzen daarnaast op het belang van de moedertaal in de psychogeriatrische zorg. Dementerenden vallen immers vaak terug op hun eigen moedertaal.

'Het is voor dementerenden al moeilijk genoeg'

Toch zijn er zorgsituaties waarin verzorgenden liever Nederlands spreken tegen de zorgvragers die een andere taal als moedertaal hebben. Verzorgenden doen dat met name als een zorgvrager uit een ander land komt, als er anderen bij zijn, als het om medische termen gaat, als de verzorgende negatieve gevoelens heeft voor de zorgvrager en als het nodig is om afstand te creëren. De zorgverleners die het hoe dan ook niet belangrijk vinden om de moedertaal van de zorgvrager te gebruiken, geven als belangrijkste reden op dat we in Nederland zijn en dat het spreken in een taal die iedereen spreekt, toch wel zo gemakkelijk is.

'Moedertaal is altijd handig om je doelen te bereiken'

WĚROM FYNT DE FERSOARGJENDE IT WICHTICH OM DE MEMMETAAL FAN DE SOARCHFREGER TE PRATEN?

De soarchfreger fielt him/har yn de eigen memmetaal better op syn gemak, fielt him dan thús, it is foar de soarchfreger noflikker en makliker, it is fertroud foar de soarchfreger, de soarchfreger kin better sizze wat hy/sy bedoelt, de memmetaal stelt soarchfregers gerêst, der is flugger en better kontakt tusken fersoargjende en soarchfreger, se begripe inoar better, de fersoargjende krijt dingen flugger klear, de soarchfreger reagearret better, kin himsels wêze, de memmetaal as taal makket de ôfstân lytser, skept in fertrouwbân en it tsjûget fan respekt foar de soarchfreger, wannear't soarchfregers problemen ha, fertriet ha of liik binne, by yngripende barrens, wannear't de soarchfreger op stjerren leit, by minhearrende soarchfregers.

De fersoargjenden wize dêrneist op it belang fan de memmetaal yn de psychogeriatryske soarch. Demintearjenden falle ommers gauris werom op har eigen memmetaal.

'It is foar demintearjenden al dreech genôch'

Likegoed binne der soarchsituasjes wêryn't fersoargjenden leaver Nederlânsk prate tsjin soarchfregers dy't in oare taal as memmetaal ha. Fersoargjenden dogge dat benammen as in soarchfreger út in oar lân komt, as der oaren by binne, as it om medyske termen giet, as de fersoargjende negative gevoelens hat foar de soarchfreger of as it nedich is om ôfstân te kreëarjen. De soarchferlieners dy't it hoe dan ek net sa wichtich fine om de memmetaal fan de soarchfreger te brûken, jouwe as wichtichste reden op dat wy yn Nederlân binne en dat it praten fan in taal dy't elkenien praat, dochs wol sa maklik is.

'Memmetaal is altiten handich om jins doelen te berikken'

DE TAAL WAARIN ZORGVRAGERS DE VERZORGENDEN AANSPREKEN

66% van de verzorgenden rapporteert dat de taalkeuze tussen zorgvrager en verzorgende vanzelf tot stand komt. 32% laat het afhangen van de taal die de zorgvrager verkiest te spreken. Slechts in 2% van de gevallen bepaalt de verzorgende de taalkeuze. Net als bij de vraag of verzorgenden het belangrijk vinden de moedertaal van de zorgvragers te spreken, vindt 93% van de verzorgenden het ook belangrijk dat de zorgvragers hun moedertaal kunnen spreken tegen de verzorgende. Taal draagt bij aan een goed gevoel van de zorgvrager en aan het onderlinge contact tussen zorgvrager en verzorgende.

WAAROM IS HET BELANGRIJK DAT DE ZORGVRAGERS IN HUN EIGEN MOEDERTAAL KUNNEN SPREKEN?

Verzorgenden vinden het belangrijk dat de zorgvragers zich prettig, vertrouwd, veilig, fijn, thuis voelen, het contact is beter en komt sneller tot stand, de communicatie is duidelijker, de zorgvragers kunnen zich beter en gemakkelijker uiten, er ontstaan dankzij moedertaalgebruik geen misverstanden, de afstand tussen verzorgende en zorgvrager is kleiner.

Ook hier benoemen de verzorgenden de zorgvragers in de psychogeriatrische zorg als groep voor wie het kunnen spreken in de moedertaal toch wel heel essentieel is.

6% van de verzorgenden vindt het niet zo belangrijk dat de zorgvragers hun eigen moedertaal kunnen spreken. Zij leggen de nadruk op de rol van het Nederlands als taal die iedereen spreekt en hechten meer waarde aan de zorghandelingen dan aan de taal die daarbij gebruikt wordt.

'Het gaat om de zorg die je geeft'

DE TAAL DÊR'T SOARCHFREGERS DE FERSOARGJENDEN YN OANSPREKKE

66% fan de fersoargjenden rapportearret dat de taalkar tusken soarchfregger en fersoargjende út himsels ta stân komt. 32% lit it ôfhingje fan de taal dy't de soarchfregger prate wol. Yn mar 2% fan de gefallen bepaalt de fersoargjende de taalkar. Lykas by de fraach oft fersoargjenden it wichtich fine om de memmetaal fan de soarchfregger te praten, fynt 93% fan de fersoargjenden it ek wichtich dat de soarchfregers har memmetaal prate kinne tsjin de fersoargjende. Taal draacht by oan in goed gefoel fan de soarchfregger en oan it ûnderlinge kontakt tusken soarchfregger en fersoargjende.

WÊROM IS IT WICHTICH DAT DE SOARCHFREGERS YN HAR EIGEN MEMMETAAL PRATE KINNE?

Fersoargjenden fine it wichtich dat de soarchfregers har noflik, fertoend, feilich, goed, thús fiele, it kontakt is better en komt flugger ta stân, de kommunikaasje is dúdliker, de soarchfregers kinne harsels better en makliker uterje, der ûntstean mei tank oan it brûken fan de memmetaal gjin misferstannen, de ôfstân tusken fersoargjende en soarchfregger is lytser.

Ek hjir beneame de fersoargjenden de soarchfregers yn de psychogeriatryske soarch as groep foar wa't it prate kinnen yn de memmetaal dochs wol tige essinsjeel is.

6% fan de fersoargjenden fynt it net sa wichtich dat de soarchfregers har eigen memmetaal prate kinne. Sy lizze de klam op de rol fan it Nederlânsk as taal dy't elkenien praat en hechtsje mear wearde oan de soarchhannelings as oan de taal dy't dêrby brûkt wurdt.

'It giet om de soarch dy'tst joust'

VISIE VAN VERZORGENDEN OP MOEDERTAALBELEID

'Organisatie laat het over aan het personeel'

Hoe gaat de eigen instelling/organisatie om met de moedertaal van de zorgvrager? De meerderheid van de verzorgenden is daar wel tevreden over, 92% antwoordt met 'goed'. De antwoorden op de vraag op welke manier de organisatie aandacht besteedt aan de moedertaal van de zorgvragers, zijn grofweg onder te brengen in vier categorieën.

- 'Geen idee' en 'er is geen beleid'.
- Het zichtbaar maken van de moedertaal in de organisatie.
Bijvoorbeeld: Friese zangavonden, tentoonstellingen met de uitleg in twee talen, spelletjes in het Fries.
- Formele aandacht bij personeelsbeleid.
Bijvoorbeeld: taal als sollicitatievereiste, zorgen dat er van iedere taal een spreker/vrijwilliger in huis is.
- Wensen van de zorgvragers.
Bijvoorbeeld: zorgvragers in hun moedertaal aanspreken, taal als vast onderdeel van het zorgleefplan en intake.

'Er zoveel mogelijk rekening mee houden'

Hebben verzorgenden er zelf ideeën over hoe hun organisatie beter met de moedertaal van de zorgvragers om kan gaan? 18% heeft daar geen enkel idee bij of vindt dat de organisatie te groot is om beter met de moedertaal van de zorgvrager om te gaan. 34% zegt dat het niet beter kan of hoeft. 48% van de ondervraagde verzorgenden komt veelal met hele praktische ideeën.

FYZJE FAN FERSOARGJENDEN OP MEMMETAALBELIED

'Organisaasje lit it oer oan it persoanjel'

Hoe giet de eigen ynstelling/organisaasje om mei de memmetaal fan de soarchfregger? De mearderheid fan de fersoargjenden is dêr wol tefreden oer, 92% antwurdet mei 'goed'. De antwurden op de fraach op hokker wize oft de organisaasje omtinken jout oan de memmetaal fan de soarchfreggers, binne rûchwei ûnder te bringen yn fjouwer kategoryen.

- 'Gjin idee' en 'der is gjin belied'.
- It sichtber meitsjen fan de memmetaal yn de organisaasje. Bygelyks: Fryske sjongjûnen, útstallings mei útlis yn twa talen, spultsjes yn it Frysk.
- Formeel omtinken by personielsbelied. Bygelyks: taal as funksje-eask, soargje dat der fan elke taal in sprekker/frijwilliger yn 'e hûs is.
- Winsken fan de soarchfreggers. Bygelyks: soarchfreggers yn har memmetaal oansprekke, taal as fêst ûnderdiel fan it soarchleefplan en yntake.

'Der is safolle mooglik rekken mei holden'

Ha fersoargjenden sels ideeën oer hoe't har organisaasje better omgean kin mei de memmetaal fan de soarchfreggers? 18% hat dêr gjin inkeld idee by of fynt dat de organisaasje te grut is om better mei de memmetaal fan de soarchfregger om te gean. 34% seit dat it net better kin of hoecht. 48% fan de ûnderfrege fersoargjenden komt mei gauris tige praktyske ideeën.

TIPS VAN VERZORGENDEN VOOR DE ORGANISATIE

Goed doorvragen naar taalwensen bij de opname, taallessen voor personeel, meer personeel dus meer tijd voor een praatje, vast personeelslid die de talen spreekt, inschakelen bij problemen, Friese koren laten komen en meer thema's per maand, Friese boeken en Friese spellen, minder personeel inzetten dat het Fries niet beheerst, taal als eis stellen bij personeel aannemen, meer groepsentertainment in de moedertaal.

Maar ook 'alles in het Nederlands doen' wordt door een van de verzorgenden als suggestie gedaan.

VOOR- EN NADELEN VAN SPREKEN IN DE MOEDERTAAL VAN DE ZORGVRAGERS

We hebben aan verzorgenden gevraagd of ze de voordelen of de nadelen zien van spreken in de moedertaal van de zorgvrager. 85% vindt dat het voordelen heeft. 15% benoemt het als nadelig.

De voordelen die de verzorgenden noemen, hebben bijna allemaal betrekking op de zorgvrager en nauwelijks op de voordelen voor zichzelf als verzorgende. De antwoorden benadrukken het gevoel van de zorgvrager, de voordelen in communicatieve zin en de band tussen verzorgende en zorgvrager.

VOORDELEN

Prettig, vertrouwd, zich thuis voelen, geborgenheid, veilig voelen, zorgvragers hoeven niet na te denken over hun woorden, elkaar beter begrijpen, kunnen iets beter bespreekbaar maken, kunnen zich beter uitdrukken, sneller contact, vertrouwen, betere band, etc.

TIPS FAN FERSOARGJENDEN FOAR DE ORGANISAASJE

Goed trochfreegje nei taalwinken by de opname, taallessen foar persoaniel, mear persoaniel dus mear tiid foar in praatsje, fêst personielslid dat de talen praat ynskeakelje by problemen, Fryske koaren komme litte en mear tema's de moanne, Fryske boeken en Fryske spullen, minder persoaniel ynsette dat it Frysk net behearsket, taal as eask stelle by oannimmen persoaniel, mear groepsentertainment yn de memmetaal.

Mar ek 'alles yn it Nederlânsk dwaan' wurdt troch ien fan de fersoargjenden as suggestje dien.

FOAR- EN NEIDIJEN FAN PRATEN YN DE MEMMETAAL FAN DE SOARCHFREGERS

Wy ha oan fersoargjenden frege oft se de foardielen of de neidielen sjogge fan praten yn de memmetaal fan de soarchfregger. 85% fynt dat it foardielen hat. 15% beneamt it as neidielich.

De foardielen dy't de fersoargjenden neame, ha hast allegearre te krijen mei de soarchfregger en amper mei harsels as fersoargjende. De antwurden beklamje it gefoel fan de soarchfregger, de foardielen yn kommunikative sin en de bân tusken fersoargjende en soarchfregger.

FOARDIELEN

Noflik, fertroud, jinsels thús fiele en gefoel fan feilichheid, soarchfregers hoege net nei te tinken oer har wurden, inoar better begripe, eat better besprekber meitsje kinne, jinsels better útdrukke kinne, flugger kontakt, fertrouwen, bettere bân ensfh.

Ook bij deze vraag wordt het voordeel in de psychogeriatrische zorg benadrukt: het geeft rust.

'De zorgvrager voelt zich beter begrepen'

Een enkele keer benoemen de verzorgenden het voordeel dat zijzelf hebben bij het spreken in de moedertaal van de zorgvragers: via de moedertaal verzamelen ze sneller de benodigde informatie, is de zorgvrager beter te benaderen.

'Dan zijn ze opener naar mij en krijg ik sneller antwoorden'

Op de vraag of het spreken van de moedertaal van de zorgvrager te maken heeft met hoe persoonlijk de relatie met de zorgvrager is, antwoordt 60% dat het niets uitmaakt. Voor 17% heeft de keuze voor de moedertaal van de zorgvrager inderdaad te maken met de persoonlijke band. 23% zegt dat het spreken in de moedertaal van de zorgvrager los staat van de persoonlijke band met de zorgvrager.

Ek by dizze fraach wurdt it foardiel yn de psychogeriatryske soarch beklamme: it jout rêst.

'De soarchfreger fielt him better begrepen'

In inkelde kear beneame de fersoargjenden it foardiel dat sysels ha by it praten yn de memmetaal fan de soarchfreger: fia de memmetaal sammelje se flugger de nedige ynformaasje, is de soarchfreger better te benaderjen.

'Dan binne se iepener nei my en krij ik flugger antwurden'

Op de fraach oft it praten fan de memmetaal fan de soarchfreger te krijen hat mei hoe persoanlik oft de relaasje mei de soarchfreger is, antwurdet 60% dat it neat útmakket. Foar 17% hat de kar foar de memmetaal fan de soarchfreger yndie te krijen mei de persoanlike bân. 23% seit dat it praten yn de memmetaal fan de soarchfreger los stiet fan de persoanlike bân mei de soarchfreger.

Taal is bepalend voor het welbevinden

Taal is bepalend voor het welbevinden van zorgvragers. Voel ik me thuis, voelt het vertrouwd, ben ik op m'n gemak? Dat is belangrijk voor mensen. En dat gevoel, geven de antwoorden aan, hangt samen met de taal die gesproken wordt door zorgvragers en verzorgenden. Belangrijkste conclusie van deze verkenning is dat de (moeder)taal die gesproken wordt van belang is in zorgsituaties.

Taal bepaalt de afstand tussen verzorgende en zorgvrager

Verzorgenden geven aan dat de taal die ze spreken belangrijk is voor het contact met de zorgvrager. En een goed contact en goede relatie met de zorgvrager hangen nauw samen met de kwaliteit van zorg die verzorgenden bieden. Het gebruik van taal bepaalt de afstand tussen verzorgende en zorgvrager. Het gebruik van de moedertaal verkleint die afstand, het spreken van de standaardtaal maakt die afstand groter. Verzorgenden die grip willen hebben op die afstand blijken bewust de (moeder)taal in te zetten om de door hen gewenste afstand te bewerkstelligen.

Uit de verkenning blijkt dat zorgvragers in een zorgsituatie meestal hun moedertaal spreken. Dat percentage verschilt amper van het percentage dat de moedertaal spreekt in het dagelijks leven. In het eerste contact wordt vaak geïnformeerd welke taal gebruikt kan worden. Wanneer verzorgenden de taal verstaan kiest de zorgvrager ervoor zijn/haar moedertaal te spreken.

Zorgvragers noemen ook specifieke situaties waarin de moedertaal voorrang krijgt. Situaties waarin emoties een rol spelen en gesprekken met een arts. Bijzonder is dat dezelfde situaties voor andere zorgvragers juist een reden zijn om het Nederlands te gebruiken. Het zou goed kunnen dat het begrip 'afstand' in de vorm van statusverschil hier een rol speelt.

Taal is beskiedend foar it wolwêzen

Taal is beskiedend foar it wolwêzen fan de soarchfregers. Fiel ik my thús, fielt it fertroud, bin ik op myn gemak? Dat is wichtich foar minsken. En dat gefoel, jouwe de antwurden oan, hinget gear mei de taal dy't praat wurdt tusken soarchfregers en fersoargjenden. De wichtichste konklúzje fan dizze ferkenning is dat de (memme)taal dy't praat wurdt fan belang is yn soarchsituasjes.

Taal bepaalt de ôfstân tusken fersoargjende en soarchfregger

Fersoargjenden jouwe oan dat de taal dy't se prate wichtich is foar it kontakt mei de soarchfregger. En goed kontakt en in goede relaasje mei de soarchfregger hingje bot gear mei de kwaliteit fan de soarch dy't fersoargjenden oanbiede. It taalgebrûk bepaalt de ôfstân tusken fersoargjende en soarchfregger. It brûken fan de memmetaal makket dy ôfstân lytser, it praten fan de standertaal fergruttet dy ôfstân. Fersoargjenden dy't grip krije wolle op dy ôfstân blike bewust de (memme)taal yn te setten om de ôfstân dy't se berikke wolle te bewurkmasterjen.

Ut de ferkenning docht ek bliken dat soarchfregers yn in soarchsituasje meastal har memmetaal prate. Dat persintaazje ferskilt amper fan it persintaazje dat de memmetaal praat yn it deistich libben. Yn it earste kontakt wurdt faak ynformearre hokker taal oft brûkt wurde kin. Wannear't de fersoargjende dy taal ferstiet, kiest de soarchfregger derfoar om syn/har memmetaal te praten.

Soarchfregers neame ek spesifike situaasjes dêr't de memmetaal foarrang yn krijt. Situaasjes dêr't emoasjes in rol yn spylje en petearen mei in dokter. Bysûnder is dat dyselde situaasjes foar oare soarchfregers krekt in reden binne om it Nederlânsk te brûken. It soe goed kinne dat it begryp 'ôfstân' yn de foarm fan statusferskil dêr in rol by spilet.

Zorgvrager en verzorgende regelen onderling de taal die ze spreken

Zorgvrager en verzorgende regelen onderling welke taal ze gebruiken. Meestal past de verzorgende zich daarbij aan aan de taal van de zorgvrager.

Opvallend is ook dat de voordelen die verzorgenden noemen bij het gebruiken van de moedertaal van de zorgvrager overeenkomen met de voordelen die zorgvragers zelf noemen. De conclusie is dat voor verzorgenden het welbevinden van de zorgvragers boven het eigen belang staat. Waar dat al geldt voor de 'gewone' zorgvrager, geldt dat volgens verzorgenden zeker voor de zorgvragers in de psychogeriatrische zorg. Zij merken dat mensen met dementie terugvallen op hun eerste taal. Voor hen is het rustgevend om ook in die taal te worden aangesproken.

We komen nog even terug op de vanzelfsprekendheid waarmee zorgvragers en verzorgenden hun communicatie regelen. Taal lijkt vanzelfsprekend. Iets wat niet ter discussie staat en wat de werkvloer in overleg met de zorgvrager regelt. Dat roept de vraag op of taal onderwerp van beleid moet zijn.

Een van de aanleidingen voor deze verkenning was dat de opleidingen merken dat taal actueel is en dat ze graag willen dat studenten zich daar bewust van zijn. Deze verkenning bevestigt het beeld dat taal actueel is en dat het belangrijk is dat toekomstige werkers in de zorg daarop voorbereid zijn. Zowel wat kennis van taal betreft als van wat taal kan doen. Omdat blijkt dat een groot deel van de zorgvragers het Fries als moedertaal heeft, geeft deze verkenning genoeg argumenten (gevoel van vertrouwdheid en veiligheid bij zorgvragers, beter begrip over en weer, de goeie informatie krijgen) om in de opleiding al in het Fries te investeren.

Buiten het Fries wordt een groot aantal talen als moedertaal opgegeven: (stads)dialecten uit de streek, dialecten uit het land, maar

Soarchfreger en fersoargjende regelje ûnderling de taal dy't se prate

Soarchfreger en fersoargjende regelje ûnderling hokker taal oft se brûke. Meastal past de fersoargjende him/har dêrby oan oan de taal fan de soarchfreger.

Opfallend is ek dat de foardielen dy't fersoargjenden neame by it brûken fan de memmetaal fan de soarchfreger oerienkomme mei de foardielen dy't de soarchfregers sels neame. De konklúzje is dat foar fersoargjenden it wolwêzen fan de soarchfregers boppe it eigen belang stiet. Dêr't soks al jildt foar de 'gewoane' soarchfreger, jildt dat neffens fersoargjenden dûbel foar de soarchfregers yn de psychogeriatriyske soarch. Sy fernimme dat minsken mei deminsje weromfalle op har earste taal. Foar har jout it rêst om ek yn dy taal oansprutsen te wurden.

Wy komme noch efkes werom op de fanselssprekkendheid wêrmei't soarchfregers en fersoargjenden har kommunikaasje regelje. Taal liket fanselssprekkend. Eat wat net yn 'e kiif steld wurdt en wat de wurkfliet yn oerlis mei de soarchfreger regelet. Soks ropt de fraach op oft taal ûnderwerp fan belied wêze moat.

Ien fan de oanliedings foar dizze ferkenning wie dat de opliedings fernimme dat taal aktueel is en dat se graach wolle dat studinten har dêr bewust fan binne. Dizze ferkenning befêstiget it byld dat taal aktueel is en dat it wichtich is dat takomstige wurkers yn de soarch dêrop taret binne. Kennis fan taal likegoed as fan wat taal dwaan kin. Om't bliken docht dat in grut part fan de soarchfregers it Frysk as memmetaal hat, jout dizze ferkenning genôch arguminten (gefoel fan fertroutheid en feilichheid by de soarchfregers, better begryp fan wjerskanten, de goede ynformaasje krije) om al yn de oplieding yn it Frysk te ynvestearjen.

Neist it Frysk wurdt in grut tal oare talen as memmetaal opjûn: (steds) dialekten út de krite, dialekten út it lân, mar ek Europeeske en net-

ook Europese en niet-Europese talen. Gezien het resultaat van deze verkenning en het toenemend aantal ouderen dat een andere taal dan 'de onze' spreekt, lijkt het belangrijk voor zorgorganisaties om daarop in te springen met bijvoorbeeld meertalig personeel of vrijwilligers uit verschillende bevolkingsgroepen (een oplossing die ook door verzorgenden wordt genoemd).

Europeeske talen. Mei it each op it resultaat fan dizze ferkenning en it tanimmend tal âlderen dat in oare taal as dy fan 'ús' praat, liket it wichtich foar soarchorganisaasjes om dêrop yn te springen, bygelyks mei meartalich personiel of frijwilligers út ûnderskate befolkingsgroepen (in oplossing dy't ek troch fersoargjenden neamd wurdt).

Op de tafel staat een kop-en-pannetje.
Nederlands: Op de tafel staat een kop-en-schotel.
Frysk: Op de tafel stiet in kop-en-pantsje.